



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein, 11 novimber 2012 - 11 oeretsjinst

Earst kofje



boartsjende bern
Guon fan de lytsten
binne hjir foar it earst
en fine dat fansels
wakker spannend. De
tariesingsgroep hat
de tsjerke feestlik
fersierd mei lampions, it is hjoed ommers de
alfde fan de alfde, Sint Maarten dus.

Fan 10.30 oere ôf
follet de tsjerke him
stadichoan mei
pratende,
kofjefdrinkende
folwoeksenen en



Wolkom



De âlderling fan tsjinst hjit
elk wolkom.
It iepeningsliet is Psalm 103:
"Zegen, mijn ziel, de goede
naam des Heren".

Ds. Gerrit de Haan hat syn
toga fergetten. "Yn dizze
tsjinsten mei dat, sei de
tsjerkeried dêrop."

Hy hat ek oar nijs: Tineke
Wassenaar is hjoed jierdei;
de
gemeente
set
spontaan
it "Lang
zal ze
leven" yn.



Groetnis en bemoediging

f: Mei de Hear mei jimme wêze.

g: Mei de Hear ek mei jo wêze.

f: Us help is yn de namme fan de Hear,

g: dy't Himmel en earde makke hat,

f: dy 't trou is foar ivich,

g: en stiet foar syn wurk,

f: Amen.

Hjirnei bidde wy it drompelgebed. Dat wurdt folge
troch it lied fan Huub Oosterhuis:

*Licht dat ons aanstoot in de morgen,
voortijdig licht waarin wij staan.
(sjingend op wei 97).*

In moai útstapke

Klazina de Hoop fertelt fan in
jonkje dat Maarten hjit. Maarten
makket op in middei mei syn
heit, mem en freontsje in
útstapke mei de auto. Heit en
mem wolle him gebouwen sjen
litten, dy't ek nei in Maarten
neamd binne. It ferhaal fiert ús
troch Fryslân, nei alderlei moaie
tsjerkegebouwen mei de namme fan Maarten:



Sint Maarten- en Sint Martinustsjerken. Op in grut
skerm yn tsjerke is dat allegearre te sjen. By in
pleats yn de buert fan Frjentsjer sjogge wei oan
de muorre in stien mei de ôfbylding fan in ridder,
dy't syn mantel in twaen snijt en de helte oan in
bidler skinkt.

Mei elkoar sjonge we it liet fan *Sinte Martens mantel*.



Femmie Wiersma fertelt de bern it ferhaal oer Sint Maarten. Oan de ein fan dit ferhaal geane

de bern nei de kapel, dêr't se oan de slach gean.

De gemeente sjongt: *"Als je geen liefde hebt voor elkaar"*, fan Hanna Lam.

Skriftlêzings en oertinking

De lêzings binne út Jesaja: 1: 18-26 en Lukas 19: 41-48.



It giet yn de oertinking oer de fraach wêr't de hannel en wannel fan it minskdom ta liedt, wêr rint de skiednis úteinlik op út? En dat effekt fan ús dwaan en litten soe wolris de ferbining wêze kinne tusken de beide lêzings en it ferhaal fan Sint-Marten.

Yn dizze tiid komt it foar, dat guon minsken de saak opjochtsje of elkoar de hân boppe de holle hâlde. Dat barde yn de tiid fan de Bibel ek al. Jesaja spruts skande fan minsken dy't widdo en wees net harren gerak joegen. De machthawwers woene net hearre. In ieu letter ferrinnewearren de legers fan Nebukadnezar

Jeruzalem. "Sjochst' wol", tochten de minsken, "Jesaja hie gelyk, dit wie it gefolch fan al dy misse dieden." In selde lûd hat Jezus hearre litte, doe't er tichteby Jeruzalem kommen wie. Hy fernaam dat syn folksgenoaten gjin acht sloegen op Gods tiid; men liet de kânsen om syn wil te dwaan foarby gean. En dan is dêr Sint-Marten, hy die hiel oars doe't er de kâns krige. Sjoch it ferhaal fan de bidder oan wa't er de helte fan syn mantel joech. Hoe gevoelig binne wy foar kânsen dy't wy krije om Gods wil te dwaan? Wat binne de gefolgen fan ús dieden? En slacht ús ynspiraasje oer op 'e minsken dy't nei ús komme? Amen.



Droom, durf, doe en deel met iedereen

Meastal is der nei de preek in koart momint fan stilte, folge troch muzyk. Hjoed wurdt de cd "Droom, durf, doe en deel" fan Marco Borsato draaid:

*Sluit je ogen één seconde
Zet een lach op je gezicht
Zeg bedankt tegen het leven
Voor de liefde en het licht*

Blommen

It prachtige blomstik giet as groet fan ús gemeente nei mefrou De Ruiter yn Leppenheim te Akkrum.



Alve novimber is de dei.....

De bern komme nei foaren
Allegearre hawwe se in prachtige
lampion makke. De measten
hawwe har lampion, dêr't se
justerjûn mei de doarren bylâns
west hawwe, ek meinommen sadat
it in hiel fleurich gehiel is. Op
oanjaan fan Klazina sjonge se mei fjoer en
faasje in pear ferskes fan Sint Maarten.
Wylst in tal bern mei de fersierde
kollektepongen rûngean paradearje de
oaren grutsk troch de tsjerke om har
lampions sjen te litten.



Kollektes

De earste kollekte is bedoeld foar minsken
dy't gjin útwei mear sjogge om út de
skulden te kommen. De
twadde kollekte is foar it
tsjerklik wurk fan ús
gemeente.



Gebeden en seine

Yn de gebeden wurdt
de need fan de wrâld en
it fertried fan elkenien
opdroegen oan God. Ek
wurdt tank útsprutsen
foar al it goede wat der
bart. Mei elkoar sluten
we ôf mei it "Us Heit".



Meiwurkers

Foargonger: ds. Gerrit de Haan
Tarieding: Praethuys, Zondagsschool en
Zendings- Missionaire cie
Oargeliste: Klaske Deinum
Koster: Wiebe Brouwer
Alderlingen: Carla van der Graaf, Arie Dol
Diakens: Tjitske Cnossen , Alie Kalsbeek
Blommen: Gina Turkstra

